

Jo genede kin ik mei ta (Opwekking 614)

Sjoch hoe't Jezus dêr rint yn Jeruzalim,
mei in krús op syn rêch en in toarnekroan.
Hear de kliber, dy't raast: 'Oan it krús mei Him!'
Sa joech God syn eigen Soan.

Sjoch it Laam, dat foar ús dêr syn offer bringt,
is foar Joaden en heidens it wiere ljocht.
Sjoch, hoe't leafde foar ús yn syn eagen blinkt,
as Hy ropt: 'It is folbrocht!'

Ik bin tankber foar jo genede, o Hear,
dat jo myn skuld oernaam ha.
Jo bewize jo leafde foar my eltse kear,
jo genede kin ik mei ta.

Hy is deltein foar ús yn it ryk fan 'e dea,
ja, sa hat Hy syn leafde foar ús bewiisd.
Mar it grêf is wer leech, Hy is dêr net mear:
Jezus libbet! Hy is ferriisd!

Ik bin tankber foar jo genede, o Hear,
dat jo myn skuld oernaam ha.
Jo bewize jo leafde foar my eltse kear,
jo genede kin ik mei ta.

Sjoch, no kom ik by Jo mei frijmoedichheid,
op myn knibbels bring ik jo myn lof en ear.
Jo binn' Kening en God oant yn ivichheid,
Jo binn' Jezus, de heechste Hear.

Ik bin tankber foar jo genede, o Hear,
dat jo myn skuld oernaam ha.
Jo bewize jo leafde foar my eltse kear,
jo genede kin ik mei ta.

Marcel Zimmer
oersetting: David de Jong